

Ynterfryske frouljusmoeting

9 o/m 11 septimber 2020

yn Noard-Fryslân (Sleeswyk-Holstein, Dsl.)

yn gearwurking mei de Ynterfryske Rie



Útnûging

Achte froulju,

De *Ynterfryske Rie* is in gearwurkingsferbân fan trije Fryslannen, resp. fan de trije seksjes dêrfan yn West, East en Noard.

De leden binne de trije *Fryske Rieden* en it foarsitterskip dêrfan wikselet om de trije jier. De Seksje West (Westerlauwersk Fryslân) hat op it stuit it foarsitterskip oant 2021. Dêrnei nimt de Seksje Noard dat wer foar trije jier oer. Neffens in fêst skema wurdt der om de trije jier ek in Friezemoeting op Hilgelân (Helgoland) organisearre. Oare meetings wurde jierliks of om de twa jier holden, lykas de frouljusmoeting. Dêrnjonken binne der ek noch oare gearkomsten foar beskate maatskiplike groepen en treffe de deistige bestjoeren en de oare bestjoersleden fan de trije seksjes inoar in kearmannich yn it jier.

Al hiel wat jierren wurkje de trije Fryslannen mei-inoar gear yn it ramt fan in soarte fan Noardseeferbân. Mar de mooglikheden fan de *Ynterfryske Rie* binne beheind. Dêrom is stipe fan polityk en oerheid op alle nivo's en benammen op lokaal nivo needsaaklik.

It docht ús deugd dat de *Kreis Nordfriesland* en it *Amt Mittleres Nordfriesland* mei twa fertsjintwurdigers aktyf behelle binne by it programma fan de frouljusmoeting.

Mei it *Kreislandfrauenverband*, dat in pear dagen foar ús moeting syn 50-jierrich bestean fiert, binne wy bliid dat wy jo yn 'Nordfriesland' in wolkom taroppe meie.

Mei freonlike groetnisse,
Ilse Johanna Cristiansen,
 foarsitter Fräsche Rädj/Fryske Rie Seksje Noard

Ynterfryske frouljusmoeting yn Noard-Fryslân (Nordfriesland, Dsl.)

Programma

Woansdei, 9 septimber 2020

Oankomst fan de dielnimmers yn it Christian Jensen Kolleezje
yn Breklum www.christianjesnekolle.de

- 14.00 oere: Ferwolkomjen troch de foarsitter fan de Fryske Rie Seksje Noard,
Ilse Johanna Christiansen
- 15.30 oere: Rûnlieding/tentoanstelling yn it Nordfriisk Instituut Bräist (Bredstedt)
www.nordfriiskinstituut.de
- 18.00 oere: Jûnsiten yn it Christian Jensen Kolleezje
Wolkom troch de gasthear/-frou
- 19.00 oere: Teaterfoarstelling '5plus1' yn it Christian Jensen Kolleezje
www.5plus1-verein.de

Tongersdei, 10 septimber 2020

- 08.00 oere: Moarnsiten yn it Christian Jensen Kolleezje
- 09.00 oere: Ôfreizgjen nei Hüseme (Husum)
- 09.45 oere: Rûnlieding *frouljuswegen* ('Frauenwege') troch Gertrud Hansen,
dêrnei frije tiid (besteging neffens eigen ynsjoch)
- 13.30 oere: Tocht nei it Amsinck Haus Reussenköge www.amsinck-haus.de
- 14.00 oere: Ferwolkomjen troch distriktsbestjoerder ('Landrat') Florian Lorenzen
yn it Amsinck Haus
Rûnlieding troch Waadgids Anke Dethlefsen
neffens eigen (foar)kar in kuiertocht/ fytstocht nei de Hamburger Hallig
- 15.30 oere: Kofje mei koeke op de Hamburger Hallig
neffens eigen (foar)kar in kuiertocht/ fytstocht nei it Amsinck Haus
- 17.00 oere: Ôfreizgjen nei Breklum
- 18.00 oere: Jûnsiten yn it Christian Jensen Kolleezje mei taspraken
- 19.00 oere: Muzyk mei Thora Kahl

Freed, 11 septimber 2020

08.00 oere: Moarnsiten en ôfreizgjen

Opjefte

Froulju dy't belangstelling hawwe om diel te nimmen, kinne harren opjaan by de Fryske Rie, fia e-mailadres sekretariaatfryskerie@gmail.com. Wolle jo mear ynformaasje? Stjoer dan in berjocht nei dat e-mailadres, dan wurdt der kontakt mei jo opnommen.

Uterste opjefte datum:

Freed, 27 juny 2020

Ferbliuwsakkomodaasje:

Christian Jensen Kolleg
Kirchentraße 4
25821 Breklum
www.christianjensenkolleg.de

Ferbliuwskosten:

€ 100 de pers. foar in ienpersoanskeamer dêrby ynbegrepen: 2 x jûnsiten, 2 x oernachtings, 2 x moarnsiten
De Fryske Rie nimt de reiskosten foar rekken (mei-inoar ride).

Fierdere adressen:

KreisLandFrauen Verband Nordfriesland
Sophien-Magdalenen-Koog 19, 25821 Reussenköge
<http://www.klfv-nf.de>

Kreis Nordfriesland
Marktstr. 6, 25813 Husum
www.nordfriesland.de

Amt Mittleres Nordfriesland
Theoder-Storm-Str. 2, 25821 Bredstedt
www.amnf.de

Frauentheater 5plus1
<https://www.5plus1-verein.de>

Amsinck Haus
Sönke Nissen Koog 36a, 25821 Reussenköge
www.amsinck-haus.de